

Keatskamp



Fan moandei 24 oant
woansdei 26 april |
Foar kabouters oant
skoaljeugd | Jou dy
op oant freed 31 by
Marije Hiemstra op
Vrijburg 18 | Sjoch
foar ekstra ynfô op
kfeasterein.nl of
facebook.com/keats-
kamp | Stjoer foar
fragen in mail nei keats-
kamp@kfeasterein.nl
| It tema fan dit jier is
'Op reis'

Programmaboekje

24, 25 en 26 april 2017



4^e edysje keatskamp Keatsferiening Easterein!

It is alwer hast safier: it jierlikse keatskamp fan keatsferiening Easterein. Foar alwer de fjirde kear is sportfjild 'De Skoalleseize' it toaniel fan dit grutte spektakel. Lykas alle jierren is der dit jier ek wer in tema, dit kear is dat *Op reis*. It belooft wer in prachtich moai barren te wurden, ûnder lieding fan ús keatskampkommisje besteande út de froulju Marije, Imke, Sieta en harren nije oanwinst Marco Rijkema.

Sy binne sûnt it winterskoff alwer drok dwaande mei de tariedings. Lykas ferline kearen bestiet it programma wer út tal fan leuke aktiviteiten, wêrby de bûnte jûn fansels net ûntbrekke mei. Wer genôch om nei út te sjen!

Ik wol dan ek út namme fan it haadbestjoer fan Keatsferiening Easterein graach alle dielnimmers, de keatskampkommisje en alle train(st)ers, begelieders en âlders in protte (keats)wille tawinskje tidens dizze edysje fan it keatskamp fan Keatsferiening Easterein!

Dirk-Yde Sjaarda

Foarsitter Keatsferiening Easterein



Stunt op skoalle mei Rikkert de Kikkert!



Programma Keatskamp 2017

Moandei 24 april

- 13.00 oere Sammelje op it keatsfjild, sliepspul te plak
- 14.00 oere Ôftraap keatskamp en klearmeitsje foar it trainen
- 15.00 oere Trainen
- 17.00 oere ûnder de brûs
- 18.00 oere Waarm ite
- 18.30 oere Kabouters gean nei hûs (graach ôfmelde by de trainer)
- 19.00 oere Rekreaasje
- 21.30 oere Sliepen jongste dielnimmer
- 21.30 oere Aktiviteit skoaljeugd
Sliepe âldste dielnimmers

Tiisdei 25 april

- 07.30 oere Moarnsrin skoaljeugd
- 08.00 oere Opstean
- 08.00 oere Kabouters binne wolkom
- 08.15 oere Moarnsbrochje
- 09.00 oere Klearmeitsje foar it trainen
- 09.30 oere Trainen
- 12.00 oere Lunchen
- 13.00 oere Rekreaasje troch it doarp
- 15.00 oere Trainen
- 17.00 oere ûnder de brûs
- 18.00 oere Waarm ite
- 19.00 oere Taberiede 'Bonte jûn'
- 20.00 oere 'Bonte jûn' mei nei ôfrin disko. Besikersmomint foar freonen en famylje!
Bonte jûn is oant ± 21.00 oere (graach ôfmelde by de trainer)
Kabouters binne frij om te bliuwen as om no nei hûs ta te gean.
- 22.00 oere Sliepe jongste dielnimmers
Sliepe skoaljeugd

Woansdei 26 april

- 07.30 oere Moarnsrin skoaljeugd
- 08.00 oere Opstean
- 08.00 oere Kabouters binne wer wolkom
- 08.15 oere Moarnsbrochje
- 09.00 oere Opromje en ynrin rekreaasje
- 10.00 oere Ronde 1
- 11.30 oere Pankoek ite
- 12.00 oere Ronde 2
- 13.30 oere Ôfsluting keatskamp, elts giet wer nei hûs





Groepsyndieling trainen

Kabouters

Sieta Tessemaker

Julia Paauw en Corrie Kroondijk

Thymen
Femke
Marrit
Sybrecht
Bauke Jan
Sanne Frouk
Tryntsje
Berber
Fenne
Jildau

Welpen jonges

Anke Winkel en Rimmer Kamstra

Jarno
Theunis
Pieter Age
Sander
Jorn

Welpen famkes

Lysbet Bakker en Roelie Kroondijk

Tjitske
Geertje
Fianne
Brecht
Nynke
Nienke
Noa
Eelkje

Jonges Pupillen

Marco Rijpkema en Halbe Willem Overal

Berend
Ridzert
Jesper
Redmer
Niels

Famkes Pupillen

Wytske Metzelaar en Janieke Dijkstra

Anke
Senay
Liset
Marije
Nyka
Benthe

Skooljeugd

Jan Schurer en Martzen Deinum

Siebo
Nynke
Nadja
Rutger
Niels
Thijs
Tessa





Lieding

Foar fragen as by needgefallen kin der belle wurde nei ien fan de ûndersteande telefo annûmers.

Algemeine leiding	keatskamp@kfeasterein.nl	
<i>Katering</i>	Sieta Tessemaker	06 20 12 22 96
<i>Trainers</i>	Marco Rijpkema	06 13 68 08 66
Opjefte/krante	Imke v.d. Leest	06 49 94 22 83
Rekreasje	Marije Hiemstra	06 30 15 15 78

Skoalleseize 0515 33 17 00

Trainers/Begelieders

Anke Winkel
Marco Rijpkema
Jan Schurer
Sieta Tessemaker
Lysbet Bakker
Wyske Metzlar
Julia Paauw
Martzen Deinum
Halbe Willem Overall
Corrie Kroondijk
Rimmer Kamstra
Roelie Kroondijk
Janieke Dijkstra

Kamp nijs

Imke v.d. Leest
Tineke Dijkstra
Anna Schurer
Froukje Sinnema
Iris Bergsma

Katering

Sieta Tessemaker
Alien Dijkstra
Selma de Boer
Sydrik Kooistra
Machteld Veldman
En alle 'bakkers'

Rekreasje programma

Marije Hiemstra
Regina Postma



DVD 2016 of 2017!

Wolle jim ek noch neigenietsje fan it kamp?

Dat kin! Want tidens it keatskamp is der de mooglikheid om de DVD te keapjen mei allegear foto's en filmpkes fan foarich jier. In DVD kosset €3,-

Mar... jim kinne jim ek a alfêst oanmelde foar it keapjen fan de DVD fan dit jier. Sa kinne jim alle grappen en grollen noch ris belibje. Wat wolst noch mear?!

Meld jim hjirfoar by Marije Hiemstra



Meinimlist

Sportspul

- Keatswant
- Wyn/reinjack
- Foldwaande shirts
- Fjildskuon
- Trainingspak(ken)
- Sportbroekje(s)
- Foldwaande sportsokken
- Rêchsek foar sportspul



Sliepspul

- Luchtbêd (1 persoan graach op 1 persoansluchtbêd)
- Kessen
- Sliepsek



Algemiën

- Toilet- en brûsguod (toskeboarstel, handoeken en sa)
- Sloffen of slippers
- Nachtklean
- Bûsjild (net te folle!)
- Grutte jiskepûde (mei namme)
- Klean mei foar frije tiid: waarm en wat wiet/smoarch wurde mei
- Eventueel tafeltennisbatje mei namme meinimme
- Bestek en itensboard mei namme
- Teedoek foar korfee
- Set oeral sa folle mooglik de namme derop
- Nim in (strip)boek mei foar atst moarns (te) betiid wekker bist
- Nim eventueel in spultsje of bal mei foar de frije tiid (wol diele en op eigen risiko)

Opmerkingen

- Brûse is elke dei ferplichte. Nim minimaal trije handoeken mei.
- Yn de Skoallegeize kinne de bern eventueel 'wat lekkers' helje. In lyts bedrach hjirfoar i s foldwaande.
- Leaver gjin tillefoan meinimme.
- Eventuele 'gevonden voorwerpen' lizze tidens it kamp op in fêst plak en sille oars op tiisdei 2 maaie op it keatsfjild wêze.
- Tidens it kamp hinget der in evaluaasjelist yn de Skoallegeize. Ha jim as âlders tips of id eëen? Set dizze der dan gerêst by!





Katering

Makaroany en pankoekbakkers

Alle minsken dy't harren opjûn ha en berjocht hân hawwe:

De yngrediïnten foar it bakken lizze moandei by de start fan it kamp klear foar jimme om ophelle te wurden. Mocht dit dan lestich wurde, jou dit dan efkes oan by Sieta (sieta_tessemaker@live.nl). Dan is der miskien in oar momint om de boel op te heljen en oars kinne we de pakken altyd noch langs bringe.

- Graach tiisdei de makaroany om 17.45 oere bringe yn de Skoalleseize bringe.
- Graach op woansdei de pankoeken om 11.30 oere yn de Skoalleseize bringe.

At it bringen net slagget op dat tiidstip, jou dit dan efkes oan, dan losse we dit oars op. Alle minsken dy't harren opjûn hawwe, krije noch in berjocht as befêstiging.

Alfêst tige tank foar alle help!

Op kfeasterein.nl, facebook.nl/keatskamp, mar ek op Twitter sille we jimme op de hichte hâlde fan alle nijtsjes tidens it kamp.

Mei inoar hoopje wy der wer in pear prachtige dagen fan te meitsjen. Ciao!

Marco, Marije, Sieta & Imke





BONUS

PUNTEN!





Geant ek mei op reis.....? Dan graach oant 24 april!